

Parseberjochten

1. Oer it programma Dikke Maten:

As jo al fanôf 1994 tegearre op 'e planken steane, dan kin it hast net oars as jo binne dikke maten wurden.

Mar... Hoe moatte wy dit eins lêze? Wat bedoelt it duo mei dikke?

Sille wy dat dan mar oan de taskôgers oerlitte?

De programma's fan Klún en Knoffelhakke litte harren it bêste omskriuwe as typkesteater, wêryn it publyk ek net fergetten wurdt. Klún & Knoffelhakke besykje der in show fol mei nuvere typkes en frjemde foarfallen fan te meitsjen.

En dochs is der in reade tried, mar besykje dy tusken alle wille troch mar ris te finen...

Dikke maten is alwer de achtste sjo fan it Hantumer teaterduo. Al hast 25 jier witte se oeral dêr't se komme de fleur deryn te hâlden. Ek mei dit programma sil dat fêst wer slagje, want dat is it duo harren doel: de minsken in noflike jûn besoargje. Lekker laitsje...

2. Algemiën:

Kabaretduo: Klún & Knoffelhakke

Programma: Dikke maten wurdt spile fan: 2017 o/m 2020

Utkeapsom: Op oanfraach

Boekingen: 0519-571810

Ynternet: www.klun-knoffelhakke.nl

Omskriuwing:

It duo Klún en Knoffelhakke bestiet út de spilers Broer Douma en Hendrik van der Heide út Hantum.

Sûnt 1994 binne se op'n paad mei harren jûnsfoljende programma's en dat slacht oan, want Klún en Knoffelhakke binne alle wiken wol earne op in poadium te finen. Sa stadichoan komt it duo troch hiel Fryslân en oeral is it fleurich en gesellich!

De programma's fan Klún en Knoffelhakke litte harren it bêste omskriuwe as typkeskabaret, wêryn it publyk ek net fergetten wurdt. Klún en Knoffelhakke besykje der in sjo fol mei nuvere typkes en frjemde foarfallen fan te meitsjen. Al dy frjemde fûgels ha op ien of oare wize te krijen mei in nuveraardich ferhaal, in reade tried, dy't Klún en Knoffelhakke altyd yn harren foarstelling besykje te stopjen.

It duo hat eins mar ien doel: de minsken in noflike jûn besoargje!